

Dorpscanon van Folsgeare

Twadde skoalgebou fan Folsgeare



© Foto: db Folsgeare, skoalle nei 1908

Twadde skoalgebou fan Folsgeare

Mei yngong fan 1 jannewaris 1886 wurdt de iepenbiere skoalle yn Folsgeare troch de gemeente opheft. Dit berjocht komt net as in tongerslach út 'e klear loft, want de âlden hawwe oanjûn dat se kristlik ûnderwiis foar harren bern wolle. Hjirfoar wie al in kommisje oprjochte ta begeunstiging fan kristlik ûnderwiis yn Folsgeare. Wannear't de statuten op 7 maart 1886 by keninklik beslút goedkard wurde, is de feriening in útmakke saak. Yn septimber 1886 komt it bestjoer wer by elkoar. De foarsitter dûmny E. C. Gravenmeijer iepenet de gearkomste mei gebed. Op de wurklist stiet as wichtichste punt: de bou fan 'e nije skoalle. Op de oanbesteging binne fjirtjin ynskriuwingen yn kaam. De leechste ynskriuwing is dy fan timmerman Asma út Heech en de bou sil him gund wurde, oant der immen opmerkt: "Is hy net Roomsk?". Dan falt der in stilte, dit hiene se net foarsjoen. Dit feit is sa ernstich, dat de bou gund wurdt oan 'e twadde op 'e list, timmerman Walsmeer út Wûns.

De nij te bouwen skoalle komt foar de âlde skoalle oer te stean. Lyk as by de earste skoalle mei it net ta skea fan in stik greide gean en dêrfoar sil it lêste trochrinnende stik Tsjardfeart dempt wurde.

Dorpscanon van Folsgeare

Twadde skoalgebou fan Folsgeare



De earste stien wurdt lein op 22 oktober 1886 troch H.E. Gravenmeijer, de soan fan 'e foarsitter. Op 20 april 1887 wurdt de skoalle iepene.

It tydlik oanstelde haad fan 'e kristlike skoalle, J. Wielinga út Gauw, wurdt no ferfongen troch de earste ûnderwizer oan 'e nije skoalle, Johannes Steenbergen út Wommels.



De âlde (links) en de nije skoalle (rjochts) tsjin elkoar oer.

De fam. Steenbergen húnje harren del yn 'e âlde skoalle dy't alhiel ferboud is ta ûnderwizerswenning. Master Steenbergen stjert hommels op 9 febrewaris 1888 op 53-jierrige leeftyd.

Syn opfolger Helmich, soan fan master Steenbergen, kriget in tydlike oanstelling. Hy is noch net slagge foar de haadakte. De skoalle komt ûnder tafersjoch te stean fan de hear Visser, haad fan 'e skoalle yn Easthim. Wannear't Helmich sacket foar it eksamen moat hy yn 1890 plak meitsje foar Errit de Vries. Der komt in rommelige tiid mei in soad wikselingen fan masters. It docht bliken dat Folsgeare foar begjinnende ûnderwizers in startpunt is om hegerop te kommen.

Dorpscanon van Folsgeare

Twadde skoalgebou fan Folsgeare

Yn it tiidrek dat W. van der Brug oan skoalle stiet, is der yn 1908 in grutte ferbouwing.

De skoalle kriget twa lokalen, dat der moat ek in twadde ûnderwiiskrêft by komme. Dat wurdt juffer Elisabeth van der Molen. Se nimt yn 1910 ûntslach nei praatsjes dat se grut wêze soe mei master van der Brug. It ûntslach wurdt ynluften, mar yn 1913 geane likegoed de juffer as de master fuort.

Master van der Brug wurdt opfolge troch de hear Voorhuis. Yn 1917 komt J.G. Lautenbach dy't oant 1930 master yn Folsgeare bliuwt. Yn it tiidrek fan syn oanstelling wurdt yn 1926 it skoalplein oanlein en in jier letter komt der elektrisiteit yn skoalle.



Skoalplein yn 'e tritiger jierren fan 'e foarige iuw.

Troch de krisistiid is it yn 1930 tige dreech in opfolger te finen foar master Lautenbach. Hoewol't de wurkleazens ûnder de ûnderwizers tige grut is, is der nimmen dy't hjir oan skoalle stean wol. Uteinlik is S. Bruinsma ree om nei Folsgeare ta te kommen.

Yn 1937 wurdt it 50 jierich jubileum fan 'e skoalle fierd en yn 1938 wurdt de skoalle wer ferboud.

Master Bruinsma nimt mei yngong fan 1 oktober 1944 ûntslach en nei in soad wikselingen komt yn 1975 master K. Tijmstra.

Dorpscanon van Folsgeare

Twadde skoalgebou fan Folsgeare



Skoalle nei 1938

foto: útjouwer van der Meulen bv Snits



Nei it dien meitsjen fan'e skoalle krije de learlingen in tsjûchskrift mei.


foto: db Folsgeare

It skoalgebou komt op leeftyd en der wurdt besletten in nije skoalle lyk efter de âlde te bouwen.


Op 28 nov 1980 wurdt de nije skoalle feestlik iepene en it âlde skoalgebou ferkocht.

Dorpscanon van Folsgeare

Twadde skoalgebou fan Folsgeare



De stien by de doar fan 'e âlde skoalle wurdt fuorthelle en by de yngong fan 'e nije skoalle ynmitsele.



It pân wurdt kocht troch Watte de Jong en Margretha Postma, dy't der nei de ferbouwing yn febrewaris 1982 ynlûke.

By dizze ferbouwing komt der in tekst foar it ljocht dy't op 13 septimber 1938 op in muorre skreaun is wêryn timmerman Thomas Stallinga syn soarch foar it útbrekken fan in nije oarloch skriuwt.

“toestand critiek”

Dorpscanon van Folsgeare

Twadde skoalgebou fan Folsgeare

Begjin 2000 sette Bart Gerbrands en Leentje Witteveen harren dêr ta wenjen. Sy jowe om 2005 hinne tastimming om it wapen fan Folsgeare oan'e gevel op te hingjen.



It wapen fan Folsgeare

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: Atse Bruin, db Folsgeare, útjouwer van der Meulen bv Snits

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsene. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.